

## Sjueryrapport Fedde Schurerpriis 2005

Achte nominearren, achte gasthear deputearre Mulder, achte oanwêzigen,

De sjuery foar de Fedde Schurerpriis krige in listke fan 33 boeken foarlein dêr't de priiswinner útkomme moast. Wy binne om dat listke hinne rûn en ha ús doe in pear fragen steld? In sjuerylid miste in boek, mar ien fan de oaren koe fertelle dat dat in útjefte yn eigen behear wie. Moasten dy der dan net op? En dat iene sjuerylid der fuort oerhinne: 'Hoe sit it dan mei ien dy't in boek op ynternet publisearre hat?' Wy ha der op ompraat en kamen ta it folgjende beslút: gjin útjeften yn eigen behear en gjin ynternetpublikaasjes oan 'e list tafoegje. Hie de sjuery dy dan nammers sels opspoare moatten? Sa net: de regeling oangeande de Fedde Schurer-priis slút publikaasjes yn eigen behear en op ynternet net út, dêryn giet it inkeld om 'it earte wurk'. Mar by dy 33 boeken dy't by in útjouwer ferskynd binne, sitte dêr alle debuten by? By dizze priis is it net sa dat it allinne mar giet om it earste wurk, nee, ek om it earste wurk yn in beskaat sjenre. Ik leau dat yn 'e regel it earste boek, lit ús sizze in echt debút, bekroand is, mar de foarige kear wûn Doeke Sijens de priis mei in biografy, syn twadde boek, syn earste wie in ferhalebondel. Miskien is der immen dy't úthâlde wolle soe dat dizze kear yn alle gefallen ien debút oer de holle sjoen is, in filmskript dat as boek útjûn is. Dat soe dan Trinus Riemersma syn debút yn dat sjenre wêze. Mar moat dat as in apart sjenre sjoen wurde? Ik tink net dat de gearstallers fan de rige fan 33 it yn har omgean litten ha en ik tink mei rjocht.

Dizze ynliedende wurden jout de sjuery jimme en it provinsjaal bestjoer yn it bysûnder mei ta oertinking. Soe it net wat wêze om foartoan simpelwei as debút jilde te litten it earste wurk dat immen útbrocht hat, it echte debút en net mear ek it earste wurk yn in beskaat sjenre. En dan de útjeften yn eigen behear? Mar net oan begjinne? Hoe komt men dy op it spoar? Moat der in oprop yn 'e krante om jins debút op te stjoeren? En wa seit dan dat it in debút is? En hoefolle binne der fan sa'n boek eins makke? En ynternetpublikaasjes? Ek mar net oan begjinne? Mar fan de oare kant is it al sa, dat mei de mooglikheid fan printing on demand en dy fan publisearjen op ynternet de wrâld der oars hinne leit as earder.

Ik stap oer op wêr't it hjoed op ta moat, fia de nominaasjes op 'e úteinlike winner. De sjuery hat foar de Fedde Schurer-priis seis boeken nominearre. Doe't wy de provinsje útstelden om foar it earst mei nominaasjes te wurkjen wie de reaksje fan deputearre Mulder aldergeloks: 'Ik bin wiis mei it inisjatyf fan de sjuery. Sa krijt it grutte tal Fryske debuten dat ús provinsje ryk is mear omtinken.' Ik ha út it fjild wei ek gjin negative reaksjes heard.

Wêrom seis en net bygelyks sân of fiif?

Us algemiene konklúzje is dat de jierren 2002-2004 in knappe risping oan debutanten oplevere ha. Likegoed wiene der fansels genôch publikaasjes by dy't fuort ôffalle moasten en op 'n stuit giet it by it meitsjen fan jins kar om gradaasjes en by einsluten dan ek noch in kear om smaak. Sa net, ek alhiel net minne boeken foelen op 't lêst ôf om't de kwaliteit derfan neffens ús dochs tefolle troch beskate aspekten fan de utwurking ûnderúthelle waard. By de seis nominearre boeken is dat net of folle minder it gefal en dêrom binne it dy seis wurden. Fan alle gear is de ynhâld - de utwurking fan it ferhaal, fan it tema of de tema's - oertsjûgjend, meinimmend en gauris ferrassend en orizjineel en binne de taal en de styl ynoarder

Ik gean se - alfabetysk op skriuwersnamme - by del.

- *De diggels fan Ché* fan Greet Andringa. Greet Andringa, De krêft fan Greet Andringa har ferhalen is it bleatlizzen fan spanning tusken minsken. Oan 'e hân fan grutte en lytse saken en fan dialogen lit se sjen

wat der tusken minsken bart. Andringa is dêrby as fertelster alderhande ûnderwerpen en situaasjes treast. De ferhalen lêze flot. Se brûkt it Frysk op in natuerlike en floeiende wize.

- *Wettersek* fan Jaap Krol. Fan Jaap Krol syn ferhalen slacht fan alle kanten de wille fan it fertellen ôf. Hy is in echte ferteller, mar in hiele spesjale, in hiele subtile. Hy lit in grutte ferbyldingskrêft sjen, is goed yn sfeartekening, syn waarnimmings binne gauris poëtysk. Krol hat in folslein eigen toan en like eigen is syn boartlike styl.

- *Hertbyt* fan Elmar Kuiper. Elmar Kuiper jout yn *Hertbyt* poëzy mei in hiel autentike, eigen toan. It is assosjative poëzy mei in grutte byld- en klankrykdom, dêr't it net om lyryk giet, mar om de bysûndere bylden en de ferhalen, dy't hieltyd wer ferrasse. Elmar Kuiper is in orizjinele, in bysûndere dichter.

- *Lytse roman fan Jon Fels* fan Aggie van der Meer. Aggie van der Meer behannelet yn har boek it tema pedofily en se docht dat subtyl en fynbesnare. De jonge Jon siket syn eigen paad en dêrby draaie syn mem en de nije doarpsgenoat, de jongfeint Warner, om him hinne. Yn syn iensumens en allinne-wêzen stiet Jon iepen foar de freonskip fan de jongfeint. Tagelyk wurdt in goed byld jûn fan in doarpsmienskip. In boek mei in moraal, mar ek mei in iepen ein.

- *Swarte Ingels* fan Willem Schoorstra. Willem Schoorstra hat mei *Swarte Ingels* in pakkend boek skreaun oer it benearjende tema ynsest, yn dit gefal tusken broer en suster. Op in boerepleats op 'e romte, mei in heit en mem dy't gjin goed houlik hawwe, groeie beide bern nochal isolearre op. Harren hechte relaasje groeit yn 'e puberteit út ta ynsest. Byldzjend, lyrysk, yngeand en mei empathy wurket Schoorstra it tema út, mei oan 'e iene kant it geniet en oan de oare kant eangst- en skuldgefoelens.

- *It griisstiennen wurd* fan Elske Schotanus. Yn *It griisstiennen wurd* bringt Elske Schotanus sûnder sentimenteel te wurden oangripende gefoelens ûnder wurden. Se docht dat yn in hast sobere prozayske styl. Dêrtroch komme de elemintêre observaasjes en de gedachten dy't se oproppe namste gever oer. It giet yn har ferhalen meast om in spul mei wat wurklik bard is, bard wêze kin of wat fiktyf oerkomt. Dat balansearjen makket de ferhalen spannend. Wat yn dit grut ferskaat fan ferhalen oertsjûgjend oerbrocht wurdt, is it benearjende, ferfrjemdzjende en gauris bittere fan it libjen yn in skynwrâld, fan de iensumens yn in wrâld dêr't men gjin hâldfêst oan krije kin, mei dêrneist de sinistere grap.

Fan de fiif boeken, de fiif debutanten dy't it net wurden binne, kin sein wurde dat se de winner wat guon aspekten fan 'e skriuwkeunst oangiet benei komme, der sels nêst stean kinne of de winner miskien wol foarbystribje, mar alles byinoar opteld koene dy fiif it dochs net rêde. En tsjin wa koene se dan net op? Wa is de winner? Dat is wurden Willem Schoorstra mei syn roman *Swarte Ingels*.

Oan wat by it by delgean fan 'e seis nominaasjes al oer *Swarte Ingels* sein is, wol ik dit noch taheakje.

Op inisjatyf fan Fardou symbolisearje broer en suster, as se in jier as tsien binne, harren bloedbân troch mei in mes in sneetsje te meitsjen yn harren earms en inoars bloed op te sûgjen. It inisjatyf hat te krijen mei harren nochal isolearre bestean. Harren hechte ta ynsest liedende relaasje isolearret harren noch mear. Fardou behearsket dêrby de situaasje en Hilbrand lit him meislepe en is faak eangstich.

Dy rolferdieling draacht tige by oan de kwaliteit fan de roman.

It tema fan de roman is op himsels swier en benearjend, mar it is op in tige meinimmende en spannende wize útwurke.

Yn psychologyske sin wurde Fardou en Hilbrand oertsjûgjend delset en de lêzer kin der in hiel ein yn meigean, hoe aaklik it ek is.

Fan it begjin ôf leit der in 'doem' oer it ferhaal, mar de útwurking is nuansarre, iepen en jout romte.

Yn it boek is ek it sichtber en fielber opropen fan de wrâld dêr't it ferhaal him ôfspilet treflik.

Dat wat de ynhâld oangiet.

Dan de styl. Willem Schoorstra hat in grutte taalmacht en is in rasferteller. Hy skriuwt mei gong, efektyf, byldzjend, somtiden lyrysk, somtiden ek smaaklik.

Yn *Swarte ingels* is it wichtige en aktuele tema ynsest op in literêre wize útwurke dy't oertsjûget. By einsluten wie ús konklúzje: *Swarte Ingels* rint der út en fertsjinnet de priis.

It is ek in boek dêr't de Fryske literatuer mei oankomme kin by in jong lêzerspublyk

Willem, lokwinske, út namme fan 'e sjuery, dy't fierder bestie út Klaske Japsers en Klaas Jansma.

Piter Boersma